

E-mail DFS: skriuwer@friesdammen.nl
Ynternet: www.friesdammen.nl
Webmaster: Jesse Jan Boschma en Sjoerd Teake
Kooistra st.kooistra@hotmail.com

Damklups:

- ◆ **“Nocht&Kriich”** Aldegea-SWF, F.Groenveld, Riperwei 6,
8623 XH De Jutryp 0515 - 424517
groenveldf@hotmail.com

- ◆ **“De Skyfkes”** Blauhús, L. Altena, Arkumerleane 4,
8764 PP Dedgum, 0515 - 579011
jantsje.leo@kpnmail.nl

- ◆ **“Stryk Op”** De Gaastmar, S.Attema, Hellingpaed 26,
8611 JR De Gaastmar, 0515 - 469704
shattema@hotmail.com

- ◆ **“Hallum”** Harmen van der Meer, Luniastate 15,
9074 MC Hallum, 0518 - 431003
harmenvandermeer@hotmail.com

- ◆ **“Hartwert e.o.”** Sjoerd Teake Kooistra, Gabbemastr. 21,
8701 EE Boalsert, 06-17316709
damkluphartwert@live.nl

- ◆ **“De Rûge Wolf”** Lollum, L.Westra, Waaksenserwei 2,
8823 SX Lollum, 0517 - 469245
liuwe.westra@mensa.nl

- ◆ **“O.K.K.” Jorwert** S.Dijk, Sluytermanwei 12-14,
9023 AB Jorwert, 058 - 2519992
siebrendyk@gmail.com

- ◆ **“De Stadige Strikers”** Skearnegoutum, Bauke Bos, Heemstrastrj.20,
8521 KH Sint Nyk 0513 - 432782
baukebos@home.nl

Freoneklup:

Dammers om utens en oaren dy't by it Frysk Damjen belutsen wêze wolle, kinne lid wurde fan de Freoneklup. It ledejild is € 15,- Men hat it rjocht om oan alle wedstriden diel te nimmen en kriget it Bûnsblêd.

ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÛN FRYSK SPUL

38 ste jiergong

nûmer 3

april 2017

Einredaksje:

Folkert Groenveld, Riperwei 6, 8623 XH De Jutryp
Till. 0515 – 42 45 17 mail: groenveldf@hotmail.com

Lêzersjild: fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

Betelling en administraasje:

Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21, 8734 GD Easterein
IBAN NL40RABO 034.95.02.072
ûnder fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it bûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

Bestjoer:

- Foarsitter: Liuwe Westra, Waaksenserwei 2, 8823 SX Lollum
liuwe.westra@mensa.nl 0517-469245
- Skriuwer: Siebren Dyk, Sluytermanwei 12-14, 9023 AB Jorwert.
siebrendyk@gmail.com 058-2519992
- Ponghâlder: Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21,
8734 GD Easterein, wiersmafedde@gmail.com 0515-332401
- Ferskate kommisjes

OER ALLES FERSKYNT TRIJE KEAR YN IT JIER

FAN DE REDAKSJE

Dit is al wer de tredde en lêste Oer Alles fan dizze jiergong. Wat de redaksje oanbelanget sil ik my der allinne mei rêde. Alie Cnossen hat it te bannich mei oare saken. Se hat my o'sa op 'e gleeed holpen mei in handich format om ús periodyk foarm te jaan.

Tige tank Alie foar al dyn wurk foar de Oer Alles. In oantal jierren mei Stoffel Bouma en letter mei my.

Yn dit nûmer sjogge we werom, benammen op de kampioenskippen. By de manlju, froulju en jongerein. En fansels ek omtinken foar de finale fan de Fyslân Kup.

Oar jier komt der wer nijs fanút de Stifting WFD (World Championship Frisian draughts). Der stiet hiel wat op priemmen.

De dam app jout moaie spullen, mar ek bysûndere kontakten.

Der giet in wrâld iepen foar it Frysk damjen.

In goede simmer tawinske, Folkert Groenveld



In moai frachmint fan de finale fan it PK te Aldegea.

FANÚT IT HAADBESTJOER

(Fedde Wiersma)

provinsje fryslân
provincie fryslân 

De ôfrûne jierren krige it Dambûn Frysk Spul € 6.800,- provinsjale subysdzje. Ek foar de jierren 2017-2020 is besletten om it Dambûn elts jier € 6.800,- ta te skikken. Dizze subysdzje is basearre op it beliedsbrieff "Mei hert, holle en hannen", in beliedsbrieff oer de ûnderwerpen Kultuer, Taal, ûnderwiis en Sport. In grut bedrach! It bestjoer fan it Dambûn is der tige wiis mei.

Yn 2015 is de subysdzje brûkt foar it drukken fan 800 eksemplaren fan de 'Cursus Fries Dammen, deel 1' én 800 eksemplaren fan de 'Cursus Fries Dammen, deel 2' en foar in part oan it ûntwikkeljen fan de app's Fries Dammen en FRYSK!

De subysdzje fan 2016 is ek brûkt foar it ûntwikkeljen fan de beide app's.

Yn de hjerst fan 2016 moast dus in bestimming betocht wurde foar de Subysdzje 2017.

It bestjoer hat, mei yn oerlis mei Gideon de Vries fan de provinsje, besletten om de subysdzje foar it jier te brûken foar de folgjende saken:


- It oersetten fan it boekwurk 'Cursus Fries Dammen, deel 1' yn de Ingelske taal; de oersetting kin dan letter downloaden wurde fan www.friesdammen.nl (en mooglik oare websites). Julia Harvey út Grins sil soargje foar de oersetting. Sy hat earder ek wurk dien foar de website www.frisiandraughts.com
- De oankeap fan tablets ensfh. It leit yn de bedoeling dat de kommende jierren by ferskate damwedstriden de partijen by hâlden wurde op in tablet. De partijen binne dan semi-live te folgjen fia de website www.friesdammen.nl en www.toernooibase.kndb.nl Wy tinken hjirby benammen oan de persoanlike en de klupkampioenskippen, mar de tablets kinne ek ynset wurde bij oare wedstriden. Op de bûnsgearkomste yn oktober sille wy hjiroer yn petear mei de klups en dammers.

De tablets binne begjin maart al brûkt by it Fryslân Open DFS 2017 yn Frjentsjer.

MISTE KÂNSEN

(Folkert Groenveld)


Efter it boerd moat it barde, dat wit eltse dammer. Dan letter prate, at ik no dit... en do dat...dan hienen alle spullen kamp wurden. Dochs wurdt




der op damjûnen neipraat en –damd. En foaral by it persoanlik kampioenskip wurdt der hiel wat analysearre.

Grauwelige flaters en it ferbargjen fan in moai spul ha we it net oer. De dammer wit soks al efter it boerd. Hjir wol ik it ha oer miste kânsen. At by it neidamjen bliken docht dat de winst as kamp mist is. Wat leit in kampioenskip, promoasje as degradaasje dan tichteby elkoar. In stikmannich partij frachminten fan it PK.


Tjerk Wijbinga-Folkert Groenveld (earste acht, tredde omloop) nei 36.47x27 7-12, mar 36. ...19-23 37.46-41 23-28! 38.27x29 11-17 en swart wint en letter yn deselsde partij nochris nei 41.34-29 19-24 hiemoatten 41. ...19-23 42.29x18 16-21 43.26x17 16x18 44.39-34 6-11 en wyt komt gau oan.





En wat te tinken fan de partij tusken Jelle Wiersma en Henk Haanstra út de fiifde omloup fan de earste acht. Nei 38. ...20-25 stie it sa as hjirjonken. Hjir lit Wiersma in kâns op de titel lizze. Hy hie de earste fjouwer omlopen al wûn. Nei 39.45-40! 30x50 40.39-34 50x27 41.31x2 moat 11-17 42.36-31 16x27 43.2-11 17-22 44.11x26 sil wyt de lêste trije swarte skiven opswylje en winne.





Faaks is de dammer yn tiidneed as is oan de ein fan it spul de piip leech. Dat wie ek sa yn it spul tusken Folkert Groenveld en Henk Haanstra yn de seisde omloop.



Wyt die de twadde set mei de daam 50.6-44 en hie fansels nei 39 moatten foar kamp. Swart, ek al yn de grutst mooglike tiidneed hie winne kind troch 50. ...46-19, mar struts 46-5 mei kamp.

Ut de twadde acht in frachmint út de seisde omloop tusken Pieter Hoogterp en Cor Kooistra nei de set 37. ...30-35

Troch 38.33-29 24x33 39.44-40 35x44

40.45x23 sil it kamp wurde.


Nei 38.44-39 moast wyt letter ferlieze.



It folgjende frachmint komt ek út de twadde acht, de twadde omloop tusken Hein de Vries en Willem Hoekstra.

Swart hie 46. ...33-39 strutsen. En wyt folge mei 47.12-8? 4-9 48.8x10 15x4 en it soe kamp wurde.

Nei 47.19-13 39-44 48.12-8 sil wyt winne.





Yn de tredde omloop die Sjoerd Jan Bakker mei wyt 30.29-23 tsjin Hein de Vries dy't de partij winne soe.

Hy hie daalk dien wurk meitsje kind troch 30. ...9-13! 31.23x5 12-17 32.5x11 6x50

Pieter Hoogterp liet yn de fjirde omloop in kâns lizze tsjin Hein de Vries.

Dy hie 39. ...20-25 dien. Pieter ferlear de partij, mar nei 40.50-44 2-7 (de bêste) 41.36-31 (net 41.37, dan folget 25-30! en 7-11) 23-28 42.34-30 25x34 43.44x24



Fedde Wiersma en Sjoerd Jan Bakker spilen kamp. Dat hie oars kind at nei 53. ...17-21 wyt spile hie 54.28-50.

Swart kin wol trochrinne mei it hout.

Mar wyt ek en is op tiid foar de twadde daam.

Nei trije setten mei de swarte daam is it út. As moat de daam jaan en dan lykswols.

Yn de tredde acht hie Ype Boelens mei swart tsjin Rindert Walinga 35. ...7-11 dien. Nei


36.46-41! 26x46 37.34-29! 46x50

38.29x9 4x13 (de bêste) 39.45-40

50x30 40.35x15 hie wyt trochbrutsen nei



daam. Wyt die lykswols 36.34-29 en

moast letter belies jaan.



Liuwe Westra wie te guodlik foar Ype Boelens dy't 49. ...10-14 spile.

Nei 50.29-24 14x34 51.44x24 18-23 52.24x22 2x23 is wyt krekt op tiid en hellet in daam yn de dûbele hoeke. De bûnsfoarsitter spile 50.44-40 en miste sa in kâns.



En ek tsjin Rindert Walinga dy't mei swart 37. ...19-23 die, liet Westra it rinne. Hy die 38.27-21 en ferbarg sa it spul.

Nei 38.39-34! 30x39 39.27-21 16x27 40.26x10 as 38. ...24x44 39.35x15 hie wyt wûn.


En ek in oar bestjoerslid, om krekt te wêzen skriuwer Siebren Dyk liet it ien en oar lizze.

Wat te tinken fan syn partij tsjin Ype Boelens nei 43. ...16-21.

Dyk struts 44.46-41 en ferbarg like goed it spul.

Nei 44.43-38 swilet wyt it swarte hout op mei winst.

En dan hie Siebren Dyk in fol punt mear hawn en oar jier yn de twadde acht damd.... as....



FOTO'S BY DE FINALE FAN IT PK YN ALDEGEA

Ronald de Jong fan www.fotoplak.nl makke dizze foto's.






ANALYSE BARRAZJE KAMPIOENSKIP 2017

(Jelle Wiersma)

Taeke Kooistra en Jelle Wiersma moasten foar de titel yn it kampioenskip DFS 2017 noch twa beslissingswedstriiden damme om út te meitsjen wa't him yn 2017 kampioen neame mocht.

De earste wedstriid wie op 13 maart yn Hartwert: Taeke – Jelle

1. 32-27 20-25 2. 31-26 14-20 3. 37-31 17x37 4. 41x32 16-21 Jelle slacht diz' kear de lange hoek derút. Beide mannen spylje wikseljende iepeningen. **5. 26x17 12x41 6. 46x37 7-12 7. 34-30 25x34 8. 39x30 20-25** Jin ferwachtsje 36-31 of 37-31 mar Taeke pakt it noch oars oan. **9. 44-39 25x34 10. 39x30 10-14 11. 40-34** Taeke lit daalk sjen wat it doel is, op rjochts de oanfal ynsette. **11. ..14-20 12. 30x10 5x14 13. 34-30 15-20 14. 30x10 14x5 15. 33-29 19x39 16. 38x40 11-16 17. 40-34 18-22** Jelle besyket it op syn rjochter flank **18. 37-31 16-21 19. 31x11 1x21 20. 36-31 21x41 21. 47x36 2-7 22. 32-28 22x33 23. 34x32 7-11** Taeke is no mear dwaande om de oanfal fan Jelle te betegeljen. **24. 42-37 11-16 25. 35-30 12-17 26. 30-25 13-18 27. 32-28 18x38 28. 43x32 17-22 29. 32x12 8x17 30. 45-40 9-13 31. 49-43 13-18 32. 40-35 18-22 33. 43-38 5-10 34. 37-31 17-21 35. 31x11 6x17 36. 38-32 22x42 37. 48x37** It liket no aardich lykwicht. Mar troch 17-21 is Taeke ferplicht efterút ôf te ruiljen en dêrtroch ferliest er tempo.



37. ... 17-21 38. 37-31 21x41 39. 36x47 16-21 40. 25-20 10x30 41. 35x24 3-9 42. 24-20 50-44 wie hjir better west. 9-14 kin wol mar dan wurd it kamp fia 47-41, 14x34, 44x24, 21-27, 41-36, 27-22 en dan 24-19 en Jelle kin der net ûnder want dan giet Taeke achter hout 32 en wint hy. Mar nei 24-20 is it gebeurd, Taeke hat te min tempo. **42. ... 9-14 43. 20x9 4x13 44. 50-44 13-19 45. 44-39 19-24 46. 39-33 21-27 47. 47-41 24-30** en Jelle wint.

De twadde wedstriid wie op 20 maart yn Skearnegoutum.

Jelle Wiersma – Taeke Kooistra


1. 32-27 20-24 2. 27-22 17x28 3. 33x22 18x27 4. 31x22 12x32 5. 37x28 Jelle hie dizze iepening foar de partij yn it kampioenskip al bestudearre, allinnich kaam doe net op it boerd. **5. ... 15-20 6. 38-33 20-25 7. 35x15 5x25 8. 40-35 10-15** yn it neidamjen joech Taeke oan dat er noch sterk tocht hie oer 24-30, 35*24 ferplicht, 25*32, 33*31 of 24-29, 34*23 ferplicht, 10-15 en swart stiet ien skiif achter mar liket dizze altyd werom te krijen. **9. 42-38 16-21** Ek dizze fariant hie Jelle thús op it boerd hân. **10. 28-23 ! 24x22 ferplicht 11. 33-29 19-24 ferplicht 12. 29x20 15x24 13. 35x15 8-12** (7-12 kin net fanwege 48-42 en swart komt altyd ien achter) **14. 48-42 13-19 15. 15x13 19x8 16. 34x14 9x20** en swart syn linkerhoeke is oanslein. **17. 39-34 11-16 18. 34-30 20x40 19. 44x35 21-26 20. 35-30 7-11 21. 30-25 12-17 22. 38-32 17-21 23. 32x12 11x13 24. 45-40 21-27 25. 40-35 1-7 26. 42-37 7-12 27. 37x17 12x21 28. 25-20 21-27 29. 20-15 6-11 30. 43-39 11-17 31. 39-34 17-21 32. 34-30 4-10 33. 15x4 3x5 34. 30-25 13-19 35. 35-30 8-13** Jelle stiet der goed foar. Taeke kin net folle op syn rjochter flank en

op syn linker is der oan it ferdigenjen. **36. 49-44 13-18 37. 50-45**

(sjoch diagram)

Hjir makket Taeke in flater, hy hie it setsje wol sjoen mar dochs efkes kwyt en spilet **37. ... 2-8** en nei **38. 36-31** is it út en hy de hân joech. Fia 26*37, 41*32, 27*38 of 27*36, 41-37, 36*38 en dan 44-39, 38*20, 25*3 komt wyt op daam.

En mei dizze útkomst wie Jelle Wiersma kampioen fan 2017.



KAMPIOENSKIPPEN JONGEREIN 2017

(Liuwe Westra)

Sneon 18 febrewaris wie de finale foar jonge dammers yn doarpshûs It Joo te Aldegea. Der waard spile yn trije groepen: begjanners, pupillen, jeugd.

Dielnimmers en útslaggen begjanners:

Ditmer Oppedijk (Blauhús), Watze Anne Postma (Waaksens), Jochem Lootsma (Goaiingea), Willem Kroon (Blauhús)

Ditmer - Watze Anne: 1-0; Jochem - Willem: 0-1

Watze Anne - Willem: 0-1; Ditmer - Jochem: 1-0

Jochem - Watze Anne: 0-1; Willem - Ditmer: 1-0

It kampioenskip wie dus foar Willem Kroon, in ambisjeuze jonge dammer út Blauhús. Mear as fertsjinne mei 3 oerwinnings! Ek it twadde plak gong nei Blauhús: Ditmer Oppedijk hie 2 punten. It treningsprogramma fan de Skyfkes kinne in protte oare klubs in foarbyld oan nimme! It tredde plak, 1 punt, wie foar Watze Anne Postma. Watze Anne wie de jongste dammer út it fjild mei syn seis jier, en dat er in finaleplak helle hie, wie ek al in hiele prestaasje. Datselde jildt foar it fjirde plak fan Jochem Lootsma út Goaiingea, ek al helle hy dan no gjin punten: hy is mei it damjen yn 'e kunde kommen troch it kampioenskip foar basisskoallen dat organisearre wurdt troch Tresoar, en der is by him yn Goaiingea noch net in klub dêr't er trene kin.

Dielnimmers en útslaggen pupillen:

Marije Frankena (Blauhús), Rauke de Hoop (De Gaastmar), Liuwe Meint Postma (Waaksens), Harmen Jacob Postma (Waaksens), Nynke Brouwer (Blauhús), Wiebren Ykema (De Gaastmar)

Marije - Wiebren: 0-1; Rauke - Nynke: 0-1; Liuwe Meint - Harmen Jacob: 1-0

Wiebren - Harmen Jacob: 1-0; Nynke - Liuwe Meint: 0-1; Marije - Rauke: 1-0

Rauke - Wiebren: 0-1; Liuwe Meint - Marije: 1-0; Harmen Jacob - Nynke: 1-0

Wiebren - Nynke: 0-1; Marije - Harmen Jacob: 1-0; Rauke - Liuwe Meint: 0-1

Liuwe Meint - Wiebren: 0-1; Harmen Jacob - Rauke: 1-0; Nynke - Marije: 1-0

Wiebren Ykema en Liuwe Meint Postma hiene beide 4 punten, en moasten dus noch in wedstryd spylje om út te meitsjen wa't it kampioenskip op syn namme skriuwe mocht. Dat wûn Wiebren, en de kampioensstjelke mei dus foar in jier nei De Gaastmar. Ek yn De Gaastmar witte se wat damjen is: de priis foar de bêste basisskoalledammer stiet dêr al twa jier by de femylje Ykema! Trede plak: Nynke Brouwer (3 punten); fjirde en fyfde plak: Marije Frankena en Harmen Jacob Postma (2 punten); sechsde plak: Rauke de Hoop (0 punten).

Ek foar dizze dammers jildt dat se in geweldige prestaasje levere hawwe, want se wiene mei har seizen oerbleaun út in oarspronklik fjild fan fjirtjin!

Dielnimmers en útslaggen jeugd:

Feike Wiegersma (De Gaastmar), Gonnie Schilstra (Lollum), Johannes Heins (Blauhús), Herre-Klaas Ykema (De Gaastmar)

Feike - Herre-Klaas: 0-1; Gonnie - Johannes: 1-0
Herre-Klaas - Johannes: 1-0; Feike - Gonnie: 0-1
Gonnie - Herre-Klaas: 0-1; Johannes - Feike: 0-1

Terjochte kampioen mei 3 punten: Herre-Klaas Ykema. In hiel fertsjintlik plak wie der foar Gonnie Schilstra mei 2 punten. Feike Wiegersma hie it trede plak mei 1 punt, en spitigernôch moast Johannes Heins as fjirde sûnder punten nei hûs.

Der komt noch in moaie wedstryd oan foar alle jonge dammers: sneon 4 maart wurdt yn Frjentsjer in iepen toernoai FRYSK! holden (Frysk damjen mei fiif skiven de spiler) foar alle leeftiden, en lykas op it toernoai op Tresoar yn novimber 2016 komt der wer in team út Itaalje, dizkear mei sân jonge spilers út Aosta. Dêrom wurdt foar it toernoai op 4 maart in spesjale priis foar de bêste jeugdspiler beskikber steld!

KAMPIOENSKIPPEN FROULJU 2017

(Liuwe Westra)

Freed 7 april, tagelyk mei de no al legindaryske finale fan 'e Fryslânkup mei efter de skodoar in enervearjend toernoai FRYSK!, fûn it persoanlik kampioenskip Frysk damjen foar froulju plak yn Siesa te Blauhús.

Dat hong earst ek nochal wat yn 't gat, mar yn 'e lêste wike kamen der dochs genôch oanmeldings om der wer in skitterjend toernoai fan te meitsjen. Yn Blauhús wurdt op dit stuit in tige sterke nije ginneraasje froulike dammers foarme, en de omkes achten de tiid ryp om dy harren debút ek marris meitsje te litten yn in wedstryd dêr't de measte Fryske dammers wakker fan dreame, mar de buorden en de houtsjes nei alle gedachten nea fan oanroere sille, of der moatte slim yngripende maatregels nommen wurde.

Alsa stoepen Silke Homminga, Marije Frankena en Nynke Brouwer yn 'e arena mei twa nammen dy't wy fan 'e Skearnegoutumer klub al wat langer kenne: Tineke Teigeler en Hennie de Haan. De wedstrydlieding wie yn hannen fan Siebren Dyk, dy't dat putsje der eefkes neist die by it ferdigenjen fan syn titel fan ferline jier. It die lykwols bliken, dy kombinaasje wie krekt wat tefolle foar de konsintraasje, dat nei twa omlopen koe Siebren him hielendal by de froulju bepale.

De útslaggen:

Silke - Marije: 0-1

Nynke - Tineke: 0-1

Marije - Nynke: 1-0

Hennie - Silke: 1-0

Nynke - Hennie: 1-0

Tineke - Marije: 1-0

Hennie - Tineke: 0-1

Silke - Nynke: 0-1

Tinke - Silke: 1-0

Marije - Hennie: 0-1



Dat, oan 'e ein fan 'e jûn wie der in kampioen: Tineke Teigeler út Skearnegoutum!! In geweldige prestaasje mei 4 punten út 4 wedstriden, en dat ek noch mei mesyk op 'e eftergrûn.!

Lykwols, foar it twadde plak moast noch strutsen wurde tusken Marije, Hennie en Nynke. Dat waard dien yn spultsjes FRYSK! Hennie wûn tsjin Marije, en Nynke wûn fan Hennie, en doe wie it foar de fammen ek echt tiid om út 'e wei.

De oare deis, 8 april, wûn Nynke noch fan Marije, dat sa waard Nynke twads.

Alles mei alles in geweldich kampioenskip, dêr't wy fan hoopje dat it noch lang trochgean mei!

EFKES BYPRATE MEI HAN GRÜSCHKE

(Folkert Groenveld)

Okkerdeis trof ik Han Grüşcke te Ljouwert. It giet no wer wat better nei in wat drege tiid troch in fal mei in brutsen skouder as gefolch. Guon dammers witte noch wol dat Han Grüşcke mei oan it ûntstean fan de Oer Alles stien hat. Dat is no hast 40 jier lyn. Jierrenlang hat Han einredakteur west, letter

nochris in twadde tiidrek. Mei fakentiids humoristyske en hostoarysk frij ynterprearre ferhalen. As wedstriidlieder kinne tal dammers him noch wol. En al naaide it der wolris út yn tiidneed, Han bleau ivich kalm. Ik mocht ferskate âlde boekwurkjes oer it oerhoekse damjen meinimme. En ek yn skaken is Han tige ynteresearre. Wat der yn de koppen fan tinksporters omgiet hat him altiid fasinearre.



GEWELDIGE SLOTJÛN YN BLAUHÛS

(Jappie de Jong)

Op freed 7 april waard de finale fan de Fryslânkup damd yn kluphús Siesa. Finalisten Fedde Wiersma en Jelle Wiersma waarden binnenhelle mei harren eigen favorite muzyk. Fedde is leafhawwer van Piter Wilkens en helle de finale troch Herman Terwisscha van Scheltinga, Epke Bootsma, Hein de Vries en Folkert Groenveld te ferslaan. Jelle Wiersma (de winner fan 2016) is wei fan de Dire Straits.



Hy kaam derop ek swingend binnen. Jelle helle net samar de finale. Drege tsjinstanners sa as Leo Altena, Tsjerk Wybinga, Taeke Kooistra en Pieter Hoogterp moast hy omlizze. Troch earst it Frysk Folksliet te sjongen barste de striid yn de Arena los. In pracht partij waard it,

mei oan de ein ta striid en spanning. De oare oanwezichen hienen ûnderwylst tiid om sels te damjen yn in toernooi FRYSK.

Yn de boppeseal waard al striden om it kampioenskip foar froulju. Twa dielnimsters fan de Stadige Strikers en trije fan damklup de Skyfkes. Hennie de Haan en Tineke Teigeler wienen favoryt. Dat de Blauhústers famkes sa goed wienen kamm harren oer it mat. Ek hjir oan de ein in geweldig gefjocht. Nr.

1 waard dochs hiel mooi Tineke. Op it twadde plak Hennie, Marije en Nynke lyk. Silke Homminga hat tige har bêst dien en waard 5 de. De striid om it twadde plak waard wûn troch Nynke Brouwer (12 jier).



By it toernooi Frysk

waard spile yn in winners en ferliezers-omloop, in mooi ûntspannen toernooi mei muzyk, woarst, tsiis en chips en letter op de jûn in gleske

bier der bij. De winner wie hjir Taeke Kooistra folge troch Hein de Vries. Yn de ferliezersronde nr.1 Willem Schaap en 2. Hylke Algra.



Wa útdamd wie koe mooi it slot fan de partij Fedde – Jelle sjen. Beide nog fiif houtsjes op it boerd, prachtig. Mei in Arena fol taskôgers waard de druk Fedde te heech en wûn Jelle wer mei de wikselbokaal. We kinne werom


sjen op in slagge ôfslútjûn foar de Fryske dammerij. Dank foar ieltsenien dy't mei dien hat oan de Fryslânkup en dizze jûn oanwêzich wie.



PARTIJ FRAGMENT FRYSK! FAN 'E RÛGE WOLF

(Liuwe Westra)

Yn 'e tarieding op 'e wedstryd yn Blauhús spilen Marten Walinga en Foeke Tiemensma in potsje 5 tsjin 5. Op in gegeven stuit hie Foeke de houtsjes te stean op 4, 6, 11, 14 en 24. Marten hie se te stean op 27, 35, 38, 42 en 50.




No spilet swart **1. ..14-20!** en 50-45 is net mooglik fanwegen 20-25 en dêrnei 4-10 en 11-17.

Sadwaande is foar wyt **2.42-37** ferplichte. No spilet swart **2. ..4-10**, wyt antwurdet mei **3.50-45** (wat soene jo oars dwaan?) en no komt **3. ..10-15 4.35-30 20x40 5.45x14 15x13.**

No moat foar wyt wol **6.38-33**, en dan komt de winnende set **6. ..13-18!!**


Foeke hie dit goed besjoen, want 13-19 leit fansels mear foar de hân, mar wurdt kamp! Op 13-18 is it altyd wûn foar swart: nei A 33-29 wint 18-23 en 11-17 op tempo. Op B 37-31 wint 18-22 en 11-17 en op C 37-32 komt 11-17!! en it is út. Sa't Foeke sei: Moaier wurdt it damjen net!



STANDSJES OP DE DAM APP

(Jelle Wiersma)

Jim kinne grappige, niisgjirrige en moaie standsjes maile nei jellewiersma@kpnplanet.nl. Graach efkes in print fan de stân en de lêste set fermelde en wat jim gedachten der by wiene en misskien wurdt jim stân de folgjende kear hjir besprutsen.





Willem Schaap is in avontoerlike dammer en hellet faak moaie setsjes út.

Sa ek in dit standsje. Swart hie 14-20 spile en Willem wûn fia

35-30, 20x38, 44-39 !, 38x40, frije set 41-37, 19x30, 45x12 ! en it is moai út.


Dyselde Willem pakte Folkert Groenveld ek. Willem hie swart. Fia 25-30, 35*24, 17-21, 26*19, 12-18, 19*17, 7*40, 45*34 en fia 13-19, 24*13, 8*30 komt der ien skiif foar.





En Willem rûn it op tsjin de skriuwer fan it stikje. Willem die in ûnderstreek mei 19-23 en kriich it deksel op de noas. 38-32, 23*43, 21-16, 6*26, 32-27, 26*28, 34-30, 25*34 of 43*34, 35*2, 43*34 of 25*34 en wit slacht de leaste skiiven fan it damboerd 2*6

Foeke Tiemensma wûn fraai fan Liuwe Westra mei earst in twangset. 1. 21-26 Liuwe kin net oars as 2. 36-31 en Foeke helle in moaie kombinaasje út. 2. ... 24-30 3. 40*18 13*22 4. 32*1 6-11! 5. 1*21 en omdat skiif 40 no fuort is, rint Foeke der moai omhinne 16*49 en wint de partij



DAM APP YNTERNASJONAAL

(Folkert Groenveld)

I am planning to establish a local frisian draughts federation with the assistance of a middle school. I was warned of the beurocracy and hard obstacles to overtake, yet there is no achievement if you do not give initiatives a try, true? We might not enroll into the FMJD as an integral part because this certainly is a huge task with dull paper work. We may hope to let children and local authorities know that such a perspective mind sport is waiting for those who dare! All in all, it is people who play games and it is children who should become pioneers.

and it is chief officials who should offer support, let alone sponsors who are rare with little advertizing being made to promote any sport.)

Funny that in the Soviet Union times we had a very solid and influential chess and draughts schools whoes coaches earned little money. It was enthusiasm and desire to be in the first line, the frontier. And very good staff worked for children in all sport those days. At present, when it is still next to

impossible to earn a living as a chess or particularly draughts coach, the spirit of enthusiasm has been evaporating from souls because people got chances to have better jobs with higher salaries, and because modern life dictates other priorities than altruism and collective belief in common success. And we must keep on tuning to the process in order to stay on surface drifting towards hard ground. (I will try making photos of hex dammen combinations from real games soon; we have been developing our understanding of the Mn Freeling's game of late, and I suppose that you can find them appealing in the tactical scene).

Meneer Groenveld, are there books or articles you know that discuss midgame in particular? Since fries dammen has a different reading of draughts than international I would surmise that 'normal' checkers theory cannot be applied to the frisian. It turns in me being completely lost in what I should choose as a proper plan. The trouble is in elaborating plans. How should one think? For example, in Goedemoed's books on international draughts he explains with many illustrations how a thought runs. And since I

Op de dam app 'fries dammen', fergees te besetten yn de app store, komme hieltiden mear dammers. Ek út oare lannen. Sa damje ik mei de 'makrorus'. Dat is Vadim Rasputin út Moermansk. En kinne we fansels ek chatte. Lês mar ris wat Vadim te melden hat. Nijsgjirrich no?

player I understand the 100 game up to some degree. Yes, the frisian game is not a mystery - it still comprises at least some draughts principles. Yet even Mr Gergiev who was a world champ admitted that it is useless to string 100 theory and frisian. We can rely on his considerations, aren't we?

FAN KRIMP KRIGET MEN MAKLIK KRAMP

Atleten dy't in ein draafd ha, moatte altiten harren spieren nei de tiid oprekke. Dy spieren binne nammentlik krompen. En lit men dat gewurde dan is der kâns op kramp. It is apart mar hurdfytsers dogge eins nea oan dy rekoefeningen. Dy mannen binne trouwens meastal sa stiif as in doar. Dammers sille net sa gau lêste krije fan kramp of it moat al ûntstean yn harren skofinger, mar der wurdt lang net altiten mei ien finger in houtsje strutsen. Nee let der mar ris op: faak



komt de tomme der ek oan te pas. Dus gjin spierkramp by de dammers of it soe al komme kinne fan it lange sitten. Der binne fan dy dammers dy rinne tusken suver alle streken in eintsje. Is dat mooglik om kramp foar te kommen?

Gewoanwei is der by de dammers dus gjin kramp, mar der is wol krimp. Dat stie tenminsten yn de Ljouwerter Krante. “Le journal est un monsieur” en dus is it wier wat der yn stiet. De foarbylden liigden der net om. Wat giet it damjen efterút. Wy hawwe it hjir oer it Hollânske damjen of te wol it ynternasjonale spul. It oersicht fan de lêste tritich jier is hiel somber. Fryslân is net mear de damprovinsje sa as dy west hat. Krimp dus. Der binne al hiel wat klups opdûkt en oaren binne fusearre.

Ferline jier en ek al dêrfoar krige it Fryske Spul dúdlik te meitsjen mei krimp. It is te sjen oan it oantal achttallen dat mei docht oan de klupkampioenskippen. Der moat fan alles út de kast lutsen wurde om bepaalde achttallen fol te krijen. Op de lêste jierfergadering gie it dêr net oer, mar wol oer de krimp by de tredde acht fan de persoanlike kampioenskippen. Dy tredde acht waard de lêste jierren mar net oanfolle sa as dat neffens de regleminten hearde. Der wiene deagewoan gjin dammers dy't meidiene oan de kwalifikaasjewedstryd yn Aldegea. Men kaam der efter dat it net wurke sa'n aparte wedstriid. Dan moat men net langer krampeftich fêsthâlde oan de besteande regels, mar gewoan nochttere maatregels nimme. Dêrom die it bestjoer mei de klupkampioenskippen de oprop oan dammers, dy't meidwaan woene oan de persoanlike kampioenskippen om har oan te melden. En sjoch dêr der joegen trije dammers gehoar oan dat fersyk. Ien luts him werom en de oare twa diene in partij op de klup foar it sânde of achtste plak. Sa sjocht men mar wer dat yn it gefal fan krimp men net yn de de kramp sjitte moat en men moat net krampeftich de regels heech hâlde wolle.

Knilles